



## AMINDEMENT.


### Kêst 33 Reglemint fan Oarder)

ker	De Ried fan Dongeradiel, yn gearkomste byinoar op 5 novimber 2015
Agindapunt:	Begrutting 2016
Underwerp:	Temjittekomming MFA Holwert yn de saaklike lêsten oer 2015 en 2016. Foar de jierren dêrnei sil in DDFK beliedsnota as útgongspunt foar de lêsten MFA's/ doarpshuzen ensfh. hantearre wurde.
konstatearje	<p>Underskreaune(n) konstatearje dat:</p> <ul style="list-style-type: none"> <li>- In MFA wichtich is foar de leefberheid;</li> <li>- In MFA meast troch frijwilligers draaiende hâlden bliuwt;</li> <li>- Minsken dy har belangeleas foar it wolwêzen fan oaren ynsette en dêrfoar tiid en kennis beskikber stelle.</li> <li>- Dit in foarbyld is fan de winske partisipaasje mienskip.</li> <li>- Dizze op frijwilligers draaiende organisaasjes it hieltiten dreger krije har eksploitaasje rûn te krijen.</li> <li>- Dat it MFA yn Holwert in hegere OZB taslach kriget fanwege folsleine nij-/ferbou.</li> <li>- Hjir yn de ôfkeapsom by it riedsútstel fan 12 jannewaris 2010 ûnfoldwaande rekken mei hâlden is.</li> </ul> <p><b>Fersykje it kolleezje dêrom de St. MFA Holwert foar 2015 en 2016 in temjittekomming yn de saaklike lêsten ta te kennen, lykoan de OZB foar brûkers, grut € 3.803,00 per jier en it totaalbedrach fan € 7.606 ten lêste te bringen fan de reserve.</b></p> <p><b>En fersykje it kolleezje om mei in útstel/ belied tekomen by de Maaitiidsnota 2016 , op basis fan harmonisaasje fan belied yn DDFK ferbân yn 2017.</b></p>
Taljochting:	De Rie fan Dongeradiel hat op 12 jannewaris 2010 in ienmalige ynvestearringsbydrage ta realisaasje fan de MFA te Holwert

	<p>beskikber steld.</p> <p>Yn dit bedrach is in kapitalisearre ôfkeapsom begrepen mei u. o. de lêsten foar sporthal, enerzjy, saaklike lêsten en 50% fan de behear- en ûnderhâldskosten.</p> <p>De <b>grûnslach</b> fan de temjittekomming yn de kapitalisearre saaklike heffings en belêstingen wie it earste jier fan eksploitaasje <b>€ 5.000</b>, oprinnend nei <b>€ 5.400</b> yn it fiifde jier fan eksploitaasje.</p> <p>Yn de ôfkeapsom is net meinommen dat de wearde fan it nije MFA gâns mear wêze soe as hantearre by de útgongspunten fan it takennen fan de kapitalisearre ôfkeapsom.</p> <p><b>No is de OZB yn it earste jier fan eksploitaasje yn 2015 al oprûn nei € 8.741,93, eksklusyf de oare heffings en belêstingen.</b></p>
<p>Undertekening en namme:</p>	<p>FNP, CU, CDA, ABD, DS</p>

Dit amendement is in de raadsvergadering van 5 november 2015 aangenomen met 16 stemmen voor (FNP, CDA, Dongeradeel Sociaal, ChistenUnie en ABD) en 2 stemmen tegen (PvdA en VVD).

De griffier,



A.J. Folbert.